

Oan Provinsjale Steaten

Ljouwert, 23 maart 2021
Ferstjoerd, **23 MAART 2021**

Ús merkteken : 01856608
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Stân fan saken Fryske Academy en gearwurkingstrajekt Fryske
Kennisynfrastruktuer

Achte Steateleden,

Mei dit brief wolle wy jo ynformearje oer de stân fan saken oangeande de Fryske Academy. Soks neffens it steatebeslút fan 18 desimber 2019 oer de beslútfoarming, liearringsoerienkomst en finansjele posysje fan de Fryske Academy (beslút nr. 01712876). De lêste update hjirfoer krigen jo yn juny 2020. Sjoen de gearhing mei it steatebeslút, ynformearje wy jo graach ek oer it gearwurkingstrajekt yn de Fryske kennisynfrastruktuer op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. In gearwurkingstrajekt dêr't de Fryske Academy in wêzentlik ûnderdiel fan útmakket.

Stân fan saken Fryske Academy

- Nije direkteur-bestjoerder
- Relaasje mei de KNAW – Fernijde Statuten
- Fryske Academy selsevaluaasjerapport 2015-2020
- Fuortgong reorganisaasje

Nije direkteur-bestjoerder

Alderearst wie der yn desimber 2020 it heuchlike nijs dat dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm (Hengelo, 1986) foardroegen is as nije direkteur-bestjoerder fan de Fryske Academy. Dr. IJssennagger hat in soad (ynternasjonale) wittenskiplike ûnderfining en is bekend mei ús provinsje fanwegen har tiid as konservator by it Frysk Museum. De Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Academy, de Koninklijke Akademie van Nederlandse Wetenschappen (KNAW) en wy as kolleezje binne tige optein mei dizze beneaming.

Dr. IJssennagger is formeel as direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy op 15 maart 2021 begûn. Sy hat it stokje oernommen fan ynterim-direkteur Willem Smink, dy't wy tige tankber binne foar syn ynset de ôfrûne trije jier.

Relaasje mei de KNAW – Fernijde Statuten

Op 16 april 2020 binne de Fryske Akademy en de KNAW in nije liearringsoerienkomst oerienkommen. Yn dy liearring is fêstlein dat de Fryske Akademy net mear in KNAW-ynstitút is, mar in oan de KNAW learre ynstitút. Soks neffens it advys fan de Taskforce Fryske Akademy út 2019 en it beslút fan jo Steaten om de liearringsoerienkomst út 1990 oan te passen. De nije liearring frege om fernijde, wizige statuten.

Nei ôfstimmen mei de KNAW, de provinsje en in notaris is in útstel foar wizige statuten ta stân kommen. Op 16 febrewaris 2021 hawwe GS de útstelde wizigingen fan de statuten goedkard. De notulen moatte op it stuit fan skriuwen noch fêststeld wurde troch de notaris.

Konkreet betsjut de oanpassing fan de liearring dat de formele rol fan de KNAW har yn de statuten beheint ta it befoarderjen fan de kwaliteit fan de stúdzje fan 'de Fryske wittenskipsûnderwerpen'. De KNAW hat gjin formele rol mear yn de beneaming fan de nije direkteur-bestjoerder, it beneamen fan Ried fan Tafersjoch-leden of it útsluten dêrfan. De KNAW kin wol 'heard' wurde by ditsoarte fan kwestjes.

Wat bliuwt is dat de KNAW reewillich is om de Fryske Akademy bliuwend te stypjen yn de bedriuwsfiering. De tsjinsten dy't oant 2020 fergees levere wurde, bliuwe fergees. Tsjinsten dy't oant 2020 tsjin fergoeding levere wurde, wurde noch levere tsjin deselde kosten, ôfsjoen fan yndeksearring. Mei't soks opnommen is yn de liearring, beskôgje wy moasje 2219¹ as ôfhannele.

De posysje fan de Provinsje Fryslân bliuwt stevich ferankere yn de statuten fan de Fryske Akademy. It kolleezje fan DS kin har oanstjoerende rol goed ynhâld jaan. Sa draacht de Provinsje twa leden foar de Ried fan Tafersjoch foar (op binende foardracht), kin de Provinsje leden útslute, advisearret de Provinsje oer de foarsitter fan de Ried fan Tafersjoch en oer it beneamen fan in nije direkteur bestjoerder.

Yn de nije liearringsoerienkomst is fêstlein dat de subsydze fan it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) fan 2021 ôf troch in desentralisaasje-útkearing oan de Provinsje Fryslân jûn wurde sil. Dit neffens it advys fan de Taskforce en it PS-beslút fan desimber 2019. Dit betsjut dat de Provinsje Fryslân fan 2021 ôf de iennige strukturele subsydzjejouwer is fan de Fryske Akademy en dit hat effekt op ús foegen. De KNAW hie ûnfoldwaande mooglikheden om konkrete easken te ferbinen oan de middels dy't se joegen. As Provinsje Fryslân kinne wy dit wol en soks betsjut dat wy mear stjoering jaan kinne oan ús subsydzjelaasje mei de Fryske Akademy.

Kontakt tusken de Provinsje Fryslân, de KNAW, de direkteur-bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch bliuwt. Op syn minst ién kear jiers is der in tripartite oerlis dêr't de gong fan saken om de Stichting Fryske Akademy hinne yn besprutsen wurdt. Under dit tripartite oerlis wurde it strategysk beliedsplan en it wittenskiplik programma goedkard troch de Provinsje, nei dêroan foarôfgeand advys fan de KNAW.

¹ Moasje 2219: It kolleezje sil de liearringspartners (KNAW en Fryske Akademy) freegje om yn de liearring fêst te lizzen dat de fasilititeiten ek yn de takomst 'fergees' jûn wurde sille.

Op 8 maart 2021 wie it lêste tripartite oerlis. Dêr is stilstien by de fernijde relaasje tusken de trije partijen en is ôfsprutsen om inoars kennis en kunde tenei sa goed mooglik te brûken.

Yn november 2021 is it folgjende tripartite oerlis. Sjoen de moasje 2212² sil PS dan wer ynformearre wurde oer de stân fan saken Fryske Akademy.

Fryske Akademy selsevaluaasjerapport 2015-2020

Yn 2020 hat de Fryske Akademy in selsevaluaasjerapport opsteld om de nije direkteur-bestjoerder in byld te jaan fan de situaasje by de Akademy de ôfrûne jierren en in hânriking foar de takomst troch in wiidweidige SWOT-analyse³. Dat rapport is opsteld neffens it SEP (Standard Evaluation Protocol 2015-2021) foar Nederlânske universiteiten en ûndersyksynstituten. It rapport is goedkard troch de Ried fan Tafersjoch en is neffens ús transparant.⁴

Ut it rapport docht bliken hokker stappen de Fryske Akademy de ôfrûne jierren set hat en hokker útdagingen der noch binne. It selsevaluaasjerapport is krekt besjoen in ynterne rapportaasje en is sadwaande fertroulik, mar mochten der steateleden wêze dy't it rapport yn-sjen wolle dan kinne sy dat opfreegje by de amtlike tsjinst. Ien en oar is ôfstimd mei de direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy.

It Selsevaluaasjerapport 2015-2020 sjogge wy as in hânriking foar de takomst fan de Fryske Akademy, foar de nije direkteur-bestjoerder mar ek foar ús as provinsje.

Fuortgong Reorganisaasje

Yn 2020 is de personele reorganisaasje trochfierd by de Fryske Akademy. Mei it boppetallich personeel is sjoen oft se in plak krije koene yn de provinsjale organisaasje. Twa minsken draaie no mei yn de organisaasje. Foar it fuortsterkjen fan de wittenskiplike stêf by de Fryske Akademy, wurdt nij personeel oannommen. Oant no ta ûnderfynt de FA gjin swierrichheden by it finen fan goede minsken. De nije stêfleden binne benammen frou en jong. In fjouwertal fakatueres stiet noch iepen, mar de ferwachting is dat dy goed opfolle wurde kinne.

Stân fan Saken Gearwurkingstrajekt Fryske Kennisynfrastruktuer

- Oanlieding
- Startpunt en Doel
- Opset Trajekt
- Utfiering

Oanlieding

As útwurking fan de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce hawwe der yn 2020 ferskate bestjoerlike oerlizzes west mei Fryske kennisynstellingen oer gearwurking yn de Fryske kennisynfrastruktuer. Soks hat resultearre yn in gearwurkingstrajekt dêr't wy jo Steaten graach oer ynformearje.

² Moasje 2212: Alle partijen wurde jierliks nei it tripartite ynformearre oer de stân fan saken fan de Fryske Akademy, oangeande jierferslaggen, wittenskiplike rapportaazjes en finansjele evaluaasjes konfoarm bygeand behannelútstel.

³ SWOT stiet foar Strengths, Weaknesses, Opportunities and Threats oftewol sterkten, swakten, kânsen en bedrigingen.

⁴ Fryske Akademy, Zelfevaluatierapport 2015-2020, 19 novimber 2020.

Behelle by dit traject binne de folgjende partijen:

- Fryske Akademy
- Afûk
- RUG Campus Fryslân
- Tresoar
- Heechlearaar Fryske taal en letterkunde fan de Ryksuniversiteit Grins
- Lektoraat Meartaligens fan de NHL Stenden Hogeschool
- Fries Sociaal Planbureau
- Fers
- Fries Museum
- SFBO

Sjoen it resinte advys fan Dingtiid: "Op 'e siik nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk", sleat dat orgaan ek as taharker oan by de oerlizzen yn desimber en maart.

Startpunt en Doel

Startpunt foar de gearwurking is de mienskiplike opjefte foar it op Fryslân oriïntearre ûndersyk en ûnderwiis. Dit hâldt yn de Fryske taal, meartaligens, skiednis, regionale identiteit, kultuer en erfgoed.

Doel is om de synergy, it op inoar ôfstimmen, de kwaliteit en gearwurking yn de Fryske kennisynfrastruktuer te ferbetterjen en te kommen ta in sterk, foaroansteand kenniskluster rjochte op de Fryske Taal en Kultuer dat each hat foar de noardlike, nasjonale en ynternasjonale (meartalige) kontekst. Dat kluster hat in mienskiplike fyzje en makket dêr effisjint wurk fan, mei in kennisaginda of útfieringskader.

Opset Trajekt

Op 2 maart 2021 binne de belutsen partijen it iens wurden oer de folgjende opset foar útfiering. Yn it gearwurkingstraject wurdt kommen ta:

- 1) In mienskiplike fyzje fan partijen út it Fryske kennisfjild en Provinsje op it op Fryslân oriïntearre ûndersyk en ûnderwiis (dêr falle ûnder: Fryske taal, meartaligens, skiednis en regionale identiteit/kultuer/erfgoed) mei doelen foar in koarte en langere termyn, byg. 4 en 10 jier. Yn dy fyzje wurdt eksplisyt ferbining makke mei oare foar Fryslân relevante ûnderwerpen, lykas bygelyks leefberens, krimp en ynternasjonalisearring.
- 2) Oansluting by de makke ôfspraken yn de Kennisaginda Fryslân 2019-2025, de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2018-2023 (BFTK), Provinsjaal Bestjoersakkoart Lok op 1, It Taalplan Frysk ensfh. ensfh.
- 2) In útfieringskader of plan fan oanpak mei hannelingsperspektyf en wurkwizen. Hjir wurdt mei klam by sjoen nei de effekten foar de ynwenners fan Fryslân en net allinnich nei it oanbod.

Planning is dat boppensteande ein 2021 realisearre is.

Foar wat de ynhâld oanbelanget giet it foarearst om trije linen:

1. Fryske Taal yn it ûnderwiis en de foarskoalske perioade (Undersyk en Oerdracht)
2. Fryske Taal yn de maatskippij en de iepenbiere romte (Undersyk en Oerdracht)

3. Fryske Regionale identiteit/kultuer/erfgoed/skiednis/literatuer
(Undersyk en Oerdracht)

Njonken de ynhâldlike linen, is it útstel ek om in fjirde line op te nimmen, rjochte op fasilitearring en mienskiplike ynfrastruktuer. Dy fjirde hat dus mear te krijen mei de ynstellingen sels:

4. Fasilitearring: Mienskiplike Ynfrastruktuer

Line 4 giet om in ferkenning fan de mooglikheden ta fasilitêre gearwurking mei relevante dielnimmers fan de ynstellingen yn Fryslân. It doel is te kommen ta shared services (byg. m.y.f. 1 januari 2022).

Utfiering

Nei it bestjoerlik rûnetafelpetear fan 2 maart, kin it trajekt begjinne.

Eltse line hat in paadsljochter en in wurkgroep besteand út belutsen meiwurkers fan de dielnimmende ynstellingen. Yn totaal binne der 27 wurkgroepleden by behelle fan ferskate ynstellingen, mei ûnder oaren akademisy, ûnderfiningsdeskundigen en studinten.

Under lieding fan in kearnitiim fan 3 wurdt oersjoch hâlden op de mienskiplike opjefte en stjoerd op de fjouwer opjeften. Dit kearnitiim bestiet út in ûnôfhinklik, troch de Provinsje Fryslân oanstelde foarsitter, in vice-foarsitter út it Fryske kennisfjild en in amtlik fertsjintwurdiger fan de Provinsje as sekretaris. De sekretaris is bekend, mar socht wurdt noch nei in gaadlike, ûnôfhinklike foarsitter en in belutsen vice-foarsitter.

Nettsjinsteande dat de foarsitter noch net bekend is, set de earste faze fan it trajekt útein: it kommen ta in mienskiplike fyzje mei doelen foar koarte en lange termyn. Sadree't mear bekend is oer dit gearwurkingstrajekt, sille wy jo dêr oer ynformearje. Omdat dit trajekt oant ein 2021 rint, sille de útkomsten fan it trajekt meinommen wurde yn in ynhâldlik steate-útstel begjin 2022.

Wy fertrouwe derop jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei heechachting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris